

Oprop foar de ferkiezing fan de Nederlânske leden fan it Europeesk Parlemint op tongersdei 6 juny 2024

STIMPAS

Wannear meie jo stimme?

Jo meie stimme op tongersdei 6 juny 2024 fan 7.30 oant 21.00 oere.

Wêr kinne jo stimme?

Mei dizze stimpas kinne jo stimme yn jo gemeente. Jo kinne sels kieze by hokker stimlokaal yn jo gemeente jo stimme.

Stimlokalen by jo yn 'e buurt

Wêr fine jo ynformaasje oer de oare stimlokalen?

Kontaktgegevens gemeente

Wat moatte jo meinimme as jo stimme wolle?

- Dizze stimpas.
- Jo paspoart, identiteitskaart of rydbewiis út Nederlân of in oar EU-lân. Dit identiteitsbewiis mei maksimaal 5 jier ferrûn wêze. Sjoch foar de jildichheid by 'Geldig tot'. Stiet dêr 7 juny 2019? Of in lettere datum? Dan meie jo it identiteitsbewiis noch brûke om te stimmen.

De stimpas is persoanlik!

De stimpas is allinnich foar jo. Allinne jo meie de stimpas brûke: jo namme en adres steane derop. De stimpas is allinnich jildich as jo namme en adres derop steane. Misbrûk fan dizze persoanlijke stimpas is strafber.

Binne jo jo stimpas kwyt? Of is de pas skansearre?

Freegje dan in ferfangende stimpas oan by jo gemeente.
Dit kin skriftlik oant en mei moandei 3 juny 2024, of oan de baalje oant woansdei 5 juny 2024, 12.00 oere.

Jo hawwe in identiteitsbewiis nedich om te stimmen.

In identiteitsbewiis is in paspoart, identiteitskaart of rydbewiis út Nederlân of in oar EU-lân. Dit identiteitsbewiis mei maksimaal 5 jier ferrûn wêze. Sjoch foar de jildichheid by 'Geldig tot'. Stiet dêr 7 juny 2019? Of in lettere datum? Jo meie it identiteitsbewiis dan noch brûke om te stimmen.

Hawwe jo gjin identiteitsbewiis?

Freegje dan op 'e tiid in identiteitsbewiis oan by jo gemeente. Slagget dit net, dan kinne jo in oare kiezer freegje om foar jo te stimmen. Freegje by jo gemeente in skriftlike folmacht oan. Dat kin oant en mei moandei 3 juny 2024.

Wolle jo dat in oare kiezer foar jo stimt?

Dit kin op twa manieren:

1. Folje de folmacht hjirneist yn. Meitsje in kopy fan jo identiteitsbewiis. Jou de folmacht en de kopy oan de persoan dy't foar jo stimme sil.

Tink derom! Jo kinne allinnich in folmacht jaan oan immen dy't yn jo **eigen gemeente** stimme sil.

Of:

2. Freegje in skriftlike folmacht oan by jo gemeente. Dat kin oant en mei moandei 3 juny 2024.

Tink derom! Jo kinne de folmacht ek jaan oan immen dy't yn in **oare gemeente** stimme sil.

Wolle jo stimme yn in oare gemeente?

Mei in kiezerspas kinne jo yn hiel Nederlân stimme. Dizze kiezerspas freegje jo oan by jo gemeente. Dit kin skriftlik oant en mei moandei 3 juny 2024, of oan de baalje oant woansdei 5 juny 2024, 12.00 oere.

Tink derom! Jou dizze stimpas en in kopy fan jo identiteitsbewiis allinnich oan in oare persoan nei't it folmachtbewiis hjirûnder troch jo en de lêsthawwer ynfolle en ûndertekene is.

FOLMACHTBEWIIS

Dit is myn stimpas (myn namme steat op de foarkant).
Ik stim sels net en machtigje in oare persoan (de lêsthawwer) om foar my te stimmen. Ik haw dy persoan foar dit doel in kopy fan myn identiteitsbewiis jûn.

Myn hantekening

Ik machtigje de folgjende persoan om foar my te stimmen:

Namme fan de lêsthawwer:

Adres:

Wenplak:

Hantekening fan de lêsthawwer

***Tink derom!* As lêsthawwer moatte jo:**

- de folmachtstim útbringe tegearre mei jo eigen stim;
- in kopy meinimme fan it identiteitsbewiis fan de persoan foar wa't jo stimme;
- jo stim útbringe yn de gemeente dêr't de persoan dy't jo machtigje hat, wennet.

Jo meie by de ferkiezings foar it Europeesk Parlemint foar maksimaal 2 oare kiezers stimme.